

Hollanner sette pyk

In linige ljepper wie wol de Hollanner G. Bikker út Noardeloos. Mei fiif maten hie'd er de reis nei Winsum makke. Hy wie de bêste, net allinne fan syn kammeraten, mar fan alle manlju yn de klasse fan sechstjin oant en mei achttjin jier. Foar him waerd 12.64 meter metten, mar freeds hie dizze kampioen fan Súd Hollân en Utert noch mear as trettjin meter ljept. In biwiis dus, dat de Hollânske ljeppers moar en hurd bykomme; in biwiis ek, dat it yn Winsum swier ljepte.

Dielnimmers dus fan bûten Fryslân ja, ien dielnimster fan bûten Nederlân. Rena de Vries hie Warns efter har namme stean, mar hja wennet yn New Jersey. Likernôch fyftjin jier forlyn is hja op'e arm fan heit en mem nei it lân fan dream en winsken gien. Nou wiene hja útfanhûs yn Warns, dêr't de nichtsjes Corry en Ymkje de Vries iverige ljeppers binne. Rena, dy't noch nea in pols sjoen hie, krige der ek nocht oan. Hwat oefenje yn Himmelum en mei nei de wedstriden. Hja leart it Frysk praten wer oan, mar yn it ljeppen is hja hast al folleard. De nichtsjes set hja in pyk en tige wis kaem hja oer de Sint Jabik. De measte froulju koene dat net: Rena kaem spitigernôch net sa fier, dat hja ek yn de prizen foel.

Dat wie sneon gjin skande. S. Rosier fan Dronryp, dy 't by de manlju fierder ljept hie as Span, kaem by de kampioensljepperij beide kearen yn it wetter tolânne. Mei de oars och sa wisse W. S. Abma fan Jidskenhuzen gie it net oars. Dochs waerd der yn dit kampioensljeppen troch de bank fierder ljept as yn de klassen. De wyn wie hast alhiel weifallen en it wie omtrint droech wurden, doe 't Span mei kûgelsfeart op de pols tastoude en syn keningsprong makke. Effen wie doe de spanning fan oare jierren taestber, mar yn de twadde omloop wie dy al wer oer. Span kaem doe mar krekt oer de tol-

ve-meter-line en Valkema koe syn 13.24 meter fan de earste kear ek net forbetterje. Dêrfoar hie 'd er de jint al to fier set. Dat wie syn lêste bisykjen om de kampioenstitel to hâlden. Al wie 'd er dan bûten de prizen fallen yn syn klasse, hy mocht fansels de „sulveren pols” fordigenje. Dat er noch ljeppekin, hat er sjen litten. It woe net en it woe mei folle mear fan de sawntich dielnimmers net omt it mei it waer net woe. Likegoed spile it Spannumerkorps der fleurich op los en forroun de ljepperij tige flot. Krekt om twa ûre bigoun, koe deputearde J. L. Hoogland om effen nei healwei fiven de kampioensprizen al útrikke.

Utslach

Jonges o.e.m. 13 jier: 1. P. Haven, Jidskenhuzen 9.62; 2. O. van der Mossel, Froubuorren 9.21; 3. U. de Vries, Jidskenhuzen 8.97.

Jonges 14 en 15 jier: 1. P. Bierma, Froubuorren 10.80; 2. J. Buma, Himmelum 10.76; 3. J. van der Woude, Froubuorren 10.55.

Jonges 16, 17, 18 jier: 1. G. Bikker, Noardeloos 12.64; 2. K. Bakker, Wanswert 12.54; 3. G. Elzinga, Readtsjerk 12.04.

Manlju 19 o.e.m. 30 jier: 1. S. Rosier, Dronryp 13.56; 2. R. B. Span, Stiens 13.39; 3. K. Brouwer, Brekkenpolder 12.78.

Manlju 31 o.e.m. 40 jier: 1. W. S. Abma, Jidskenhuzen 11.90; 2. Tj. Idsardi, Froubuorren 11.65; 3. H. Koning, Jorwert 10.14.

Manlju 41 jier en âlder: 1. J. Faber, Froubuorren 10.25; 2. S. Woudstra, Aldtsjerk 9.58; 3. R. A. de Boer, Skearnegoutum 9.42.

Froulju: 1. Jikke de Jong, Jidskenhuzen 10.34; 2. Hiske Penninga, St. Anne 10.10; 3. Jinke Hoekstra, Wurdum 9.55.

Kampioensljeppen: Manlju R. B. Span Stiens 14.03; jonges K. Bakker, Wanswert 12.93; froulju Jikke de Jong, Jidskenhuzen 10.46.



De trije kampioenen op in ûnoffisjeel plaetsje. Lofts Roel Bokke Span, dy't 14.03 meter sprong, midden Jikke de Jong, dy't op'e nij kampioene by de froulju waerd mei 10.46 meter en rjochts Klaes Bakker fan Wanswert, dy't 12.93 helle